# PERSBERICHT

Nummer: 047 LV
Datum: 30 maart 2021

## Herstelprogramma voor biodiversiteit in Fryslân

**Inzetten op herstel en verbetering van de biodiversiteit in Fryslân. Dat is de kern van de Agenda Herstel Biodiversiteit die de provincie Fryslân samen met partners maakte. Het vormt de basis voor het maken van een uitvoeringsprogramma voor de komende jaren, dat in juli 2021 van start moet gaan. Op 26 mei behandelt Provinciale Staten de agenda.**

Vanuit het Natuurpact, waarin de ambities voor natuurontwikkeling in Nederland staan, werkt de provincie Fryslân aan de inrichting en het beheer van natuur. Ondanks deze Natuurpact-maatregelen is in de provincie, maar ook landelijk, een afname van de hoeveelheid plant- en diersoorten te zien. De afname in soortenrijkdom heeft direct effect op onze leefomgeving. Bijvoorbeeld in de voedselvoorziening, waar wormen en bacteriën zorgen voor gezonde grond en bijen en hommels zorgen voor de bestuiving van gewassen.

Gedeputeerde Douwe Hoogland: "It realisearjen fan in programma foar it ophelpen fan it bioferskaat is in wichtich resultaat yn it bestjoersakkoart. Wy hawwe it ek yn de Omgevingsvisie foar Fryslân setten. It giet der net allinnich om dát wy ús ynsette foar it bioferskaat, mar ek hóe: mei alle partners, mei hiel Fryslân. Sa hawwe wy dat ek yn De Friese Aanpak ôfsprutsen. Mei-inoar wurkje oan in gruttere soarterykdom yn Fryslân. Yn gearwurking mei Wetterskip Fryslân, gemeenten Ljouwert en Ooststellingwerf, Kening, Friese Milieu Federatie, Instituut voor natuur en educatie (IVN) en yn oerlis mei agrariërs en kollektiven hawwe wy in aginda makke. Dy is presintearre op 28 febrewaris en foarmet de basis foar in bioferskaatprogramma dat wy mei-inoar útwurkje sille foar de kommende jierren."

**Een goede basis**
De basis van de agenda is het doorwerken aan een goede basis: de kwaliteit van water, bodem, lucht, landschap, natuurinclusieve landbouw en het inrichten en beheren van het Natuurnetwerk Nederland en Natura 2000 in de provincie. Om voor een beter leefgebied te zorgen voor kwetsbare soorten zoals de otter, Noordse woelmuis, weidevogels zoals de grutto, maar ook bijzondere kikkersoorten, libellen, vissen en insecten. Daarnaast zijn het verbinden van kennis en initiatieven in Fryslân, en aandacht voor educatie belangrijke agendapunten. De samenwerkende partners zetten ook in op een natuurinclusieve aanpak: natuur en biodiversiteit onderdeel maken van andere opgaves, zoals klimaatadaptatie of de energietransitie, maar ook bij nieuwe initiatieven en gebiedsprojecten.

De komende periode werken de partners dit programma samen uit. Het doel is om op 1 juli een gezamenlijke start te maken met het uitvoeren van het programma. Voor de provincie gaat het om een investering van zo'n 2,7 miljoen euro tot en met 2023. Vooruitlopend stelde de provincie in 2020 al 240.000 euro aan subsidie beschikbaar voor initiatieven met ideeën voor het herstel van de biodiversiteit, en nog 92.500 euro voor initiatieven die specifiek werken aan het Insectennetwerk Fryslân. Bijvoorbeeld Wjukkelje oer it Blommenpaad': waar Vereniging Dorpsbelangen Oentsjerk vijf kilometer insectvriendelijke bloemenberm langs het recreatiepad grenzend aan Oentsjerk en Gytsjerk aanlegt met scholen, lokale zorgboerderijen, omwonenden en geïnteresseerden.

# PARSEBERJOCHT

provinsje fryslân
provincie fryslân

Nûmer: 047 LV
Datum: 30 maart 2021

## Programma om bioferskaat op te helpen yn Fryslân

**Ynsette op it ophelpen en de ferbettering fan it bioferskaat yn Fryslân. Dat is de kearn fan de Agenda Herstel Biodiversiteit dy't de provinsje Fryslân yn gearwurking mei partners makke. It foarmet de basis foar it meitsjen fan in útfieringsprogramma foar de kommende jierren, dy't yn juli 2021 út ein sette moat. Op 26 maaie behandelet Provinsjale Steaten de aginda.**

Fan it Natuurpact út, wêr ambysjes foar natuerûntwikkeling yn Nederlân yn stean, wurket de provinsje Fryslân oan de ûntwikkeling en it behear fan natuer. Nettsjinsteande dizze Natuurpact-maatregels is yn de provinsje, mar ek lânlik, in ôfname fan it oantal plante- en bistesoarten te sjen. Sa nimt it ferskaat oan ynsektesoarten ôf en wurde greidefûgelpopulaajes lytser. It ôfnimmen fan soarterykdom hat direkt effekt op ús libbensfermidden. Bygelyks yn de itensfoarsjenning, wêr wjirmen en baktearjes soargje foar sûne grûn en bijen en hommels soargje fan de bestowing fan gewaaksen.

Gedeputeerde Douwe Hoogland: "It realisearjen fan in programma foar it ophelpen fan it bioferskaat is in wichtich resultaat yn it bestjoersakkoart. Wy hawwe it ek yn de Omgevingsvisie foar Fryslân setten. It giet der net allinnich om dát wy ús ynsette foar it bioferskaat, mar ek hóe: mei alle partners, mei hiel Fryslân. Sa hawwe wy dat ek yn De Friese Aanpak ôfsprutsen. Mei-inoar wurkje oan in gruttere soarterykdom yn Fryslân. Yn gearwurking mei Wetterskip Fryslân, gemeenten Ljouwert en Ooststellingwerf, Kening, Friese Milieu Federatie, Instituut voor natuur en educatie (IVN) en yn oerlis mei agrariërs en kollektiven hawwe wy in aginda makke. Dy is presintearre op 28 febrewaris en foarmet de basis foar in bioferskaatprogramma dat wy mei-inoar útwurkje sille foar de kommende jierren."

**In goede basis**
De basis fan de aginda is it trochwurkjen oan in goede basis: de kwaliteit fan wetter, boaiem, lucht, lânskip, natuerynklusive lânbou en it ynrjochtsjen fan it Natuurnetwerk Nederland en Natura 2000 yn de provinsje. Om foar better libbensgebiet te soargjen foar kwetsbere soarten lykas de otter, Noardske wrotmûs, ferskate greidefûgels lykas de skries, mar ek bysûndere kikkerts, salamanders, libellen, fisken en ynsekten. Dêrneist binne it ferbinen fan kennis en inisjativen yn Fryslân, en omtinken foar edukaasje wichtige spearpunten. De gearwurkjende partners sette ek yn op in natuerynklusive oanpak: natuer en bioferskaat ûnderdiel meitsje fan oare opjeften, lykas klimaatadaptaasje of de enerzjytransysje, mar ek by nije inisjativen en gebietsprojekten.

De kommende perioade wurkje de partners dit programma fierder út. It doel is om op 1 juli mei de partners út ein te setten mei it útfieren fan it programma. Foar de provinsje giet it om in ynvestearring fan sa'n 2,7 miljoen euro oant en mei 2023. Foarútrinnend stelde de provinsje yn 2020 al 240.000 euro oan subsydzje beskikber foar inisjativen mei ideeën foar it ophelpen fan it biofeskraat, en noch 92.500 euro foar inisjativen dy't spesifyk wurkje oan it Insectennetwerk Fryslân. Bygelyks Wjukkelje oer it Blommepaad: wêr Vereniging Dorpsbelangen Oentsjerk fiif kilometer ynsektfreonlike blommeberm by it rekreaasjepaad lâns wat grinzet oan Oentsjerk en Gytsjer, oanleit mei skoallen, lokale soarchbuorkerijen, omwenners en minsken dy't ynteressearre binne.

---

Foar mear ynformaasje oer dit parseberjocht kinne jo belje mei 058 – 292 57 35. Dit parseberjocht is ek te finen op ynternet: www.fryslan.frl / Voor meer informatie over dit persbericht kunt u bellen met 058 – 292 57 35. Dit persbericht is ook te vinden op internet: www.fryslan.frl.